

FAKATUERE: KOMMUNIKAASJE-ADVISEUR (M/F) BY DE STEATEFRAKSJE FAN DE FNP.

De FNP-Steatefraksje siket in betûfte en entûsjaste kommunikaasje-adviseur. Wolst do in boeiende baan yn in dynamyske wurkomjouwing, bist do ynteressearre yn de Fryske polityk en yn it wurk fan de Fryske Steatefraksje en hast boppedat in Frysk hert? Liket it dy moai om oan dizze nije funksje ynfolling te jaan? Dan is dit mooglik wol de baan foar dy!

De FNP-Steatefraksje siket in fleksibel en betûft persoan, dy't selsstannich wurkje kin en wit wat der polityk spilet. Kreativiteit, selsstannigens en betrouberens binne foar ús tige wichtige kompetinsjes.

Funksje-ynhâld:

It wurk fan de FNP-Steatefraksje stiet de lêste tiid tige posityf yn it nijs. As kommunikaasje-adviseur wurdst do ferantwurdlik om dit fierder út te bouwen en it wurk fan ús fraksjeleden goed en breed foar it fuotljocht te bringen.

- Do skriuwt it kommunikaasjeplan en soargest foar in planmjittige útfiering;
- Do organisearrest wurkbesites en soargest foar in optimale, maksimale kommunikaasje rûnom dizze wurkbesites;
- Do behearst de sosjale media;
- Do bist ferantwurdlik foar it byhâlden fan de webside;
- Do skriuwt û.o. parseberjochten, opynystikken en it nijsbrief foar de FNP-leden.

Dit alles yn oparbeidzjen mei de Steateleden en de beide beliedsmeiwurkers.

- Derneist dochst do bykommend wurk, sa as it tarieden en notulearjen fan de fraksjegearkomsten.

Funksje-easken:

- Do kinst it boadskip oerbringe by in breed publyk en wilst derby elke kear de goeie toan te kiezen;
- Do hast ûnderfining mei online kommunikaasje en niget oan it sa breed mooglik delsetten fan de wurksumheden fan de Steatefraksje;
- Do hast in poerbêste behearsking fan it Frysk en Nederlânsk, sawol mûnling as skriftlik;
- Do hast ûnderfining mei Sharepoint en mooglik Notubiz.

Bykommende easken:

- Eigen ferfier;
- Reewilligens om yn jûntiid of yn it wykein te wurkjen;
- Ree om bykommend wurk te dwaan;
- De útgongspunten fan de FNP ûnderskriuwe.

De funksje beslacht tusken de 18 en 24 oeren wyks (salarisyndikaasje: op syn meast € 1.600 smoarch yn de moanne).

De oanstelling is yn prinsipe bûn oan de Steateperioade (oant en mei maart 2023) en sil earst mei in proeftiid fan 2 moanne útein sette. De meiwurker komt yn tsjinst fan de Stifting Steatefraksje FNP.

Wurkplak:

It wurkplak is de fraksjekeamer op it provinsjehûs yn Ljouwert. Mar de funksje is sadanich, dat der ek wol thús wurke wurde kin. De direkte oanstjoering fynt plak troch de fraksjefoarsitter.

Proseduere:

Sprekt boppesteande baan dy oan, dan sjogge wy dyn sollisitaasjebrief en CV graach foar 14 maart 2020 yn 'e mjitte fia it email-adres: fnp@fryslan.frl.

Foar fragen kin kontakt opnommen wurde mei Corlienke de Jong (fraksjefoarsitter): 06-22019066, as Auke Bijlsma (foarsitter Stifting Steatefraksje FNP): 06-50590080.